

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Deputearre Sander de Rouwe Underwerp: TopDutch
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Okkerdeis is in brief fan DS ¹ nei de Steaten ta stjoerd oer TopDutch. In evaluaasje fan proses en resultaten. De evaluaasje ropt nochal wat fragen op. De konklúzjes fan de media lige der ek net om: RTV Noord berjochte² op 10 novimber: 'Evaluatie: onduidelijk of TopDutch bijdroeg aan binnenhalen bedrijven'. Yn it evaluaasjerapport stiet dat de sifers fan ynhelle bedriuwen net streekrjocht linkt wurde kinne oan de ynspanningen fan TopDutch.</p> <p>Fierder is it fan grut belang om goed beoardielje te kinnen oft it TopDutch-jild goed bestege is. It giet om € 1,2 miljoen mienskipsjild. Dêrta is it belangryk om te witten hoe't it projekt ta stân kaam en hoe't de opdracht oanbestege is. Mar, neffens RTV Drenthe³ (10 novimber 2020): 'Precies die twee zaken, die bepalend waren voor de resultaten van de imago-campagne, daar beweegt het ERAC-rapport met een boog omheen'. It liket de fraksjes goed om nochris goed, troch in ûnôfhinklike partij, bygelyks in akkountant, dy earste fase kontrolearje te litten om in ein te meitsjen oan alle rûs.</p> <p>Oare saken dêr't de fraksjes fragen oer hawwe binne oft de namme TopDutch sa stadichoan net besmet is, oft it yn de aktuele situaasje net better is om folop yn te setten op it behâld fan besteande wurkgelegenheid by bedriuwen ynstee fan mei in soad subsydzjes bûtenlânske bedriuwen yn te heljen, wêrfan de haadkantoaren dy't (ynvestearrings-) beslissingen nimme bûten ús regio binne. Fierder wêrom't foar it opstellen fan it rapport troch ERAC net mei de trije útfierende partijen fan TopDutch praat is. En hoe ferstannich it is om de akwisysje foar útlânske bedriuwen foar lange tiid oan ien ynstelling te gunnen.</p> <p>Mei it each op de behandeling fan de Beliedsnotysje Ekonomy yn de kommisje fan 6 jannewaris fersykje wy om de beântwurding foar dy datum oan te leverjen.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it Kolleezje it mei ús iens dat de namme TopDutch sa stadichoan besmet is ⁴? By it sykjen op dit trefwurd wurdt op de earste siden fan Google en it oersetten dêrfan fia Google translate in tige negatyf byld fûn fan dit merk.

1

<https://fryslan.notubiz.nl/document/9387878/2/Brief%20DS%20Evaluatie%20en%20vervolg%20TopDutch%20~>

² <https://www.rtvnoord.nl/nieuws/760161/Evaluatie-onduidelijk-of-TopDutch-bijdroeg-aan-binnenhalen-bedrijven>

³ <https://www.rtdrenthe.nl/nieuws/164820/Het-TopDutch-eindrapport-een-poging-om-alle-plooienglad-te-strijken>

⁴ <https://www.lc.nl/friesland/Wat-heeft-twee-jaar-TopDutch-het-Noorden-opgeleverd-Behalve-ruzies-achter-de-schermen-25141232.html>

	<p>2. Neffens de parse is de oanbesteging fan de wurksumheden fan TopDutch perfoarst net goed ferrûn. Kin it Kolleezje oantoane dat ien en oar garandearre oan de Europeeske oanbestegingsregels foldocht? Sa ja, kin dat dan ek eksplisyt hifke wurde? Troch wa? Sa nee, sil it Kolleezje noch neier ûndersyk dwaan nei de fase fan oanbesteging fan de wurksumheden fan TopDutch? Sa nee, wêrom net? Sa ja, kinne de útkomsten dield wurde mei PS?</p> <p>3. Is it Kolleezje it mei ús iens dat de (grutte finansjele) ynspannings foar it oanlûken fan nije (ynternasjonale) bedriuwen op spannen foet steane mei de prioriteit dy't op dit stuit lizze moat by it behâld fan wurk by besteande bedriuwen ?</p> <p>4. Binne jim it mei ús iens dat ien fan de konklúzjes wêze moat dat TopDutch eins gjin oantoanbere mjitbere resultaten opsmiten hat? Graach jim redenaasje.</p> <p>5. Der is neffens de list fan ynterviewde persoanen alhiel net mei Tres, Streamzilla en Niels Palmers praat. Wêrom net? Hoe wis is it Kolleezje no dat der dochs in goed en objektyf byld kommen is, no't net mei ferskate wichtige partijen praat is.</p> <p>6. Is it Kolleezje fan doel de konklúzje oer te nimmen om de akwisyse oangeande nije bûtenlânske bedriuwen en bedriuwen fan bûten de regio automatysk oan de NOM te gunnen? Is it net better en gun dat op basis fan priis/kwaliteit oan de bêste bieder, om organisaasjes net loai te meitsjen én op termyn it bêste resultaat te krijen? Kin dêrby bygelyks ús eigen Ljouwerter WorldTradeCenter, mei direkt en yndirekt tûzenen kontakten op wrâldskaal, net yn byld brocht wurde?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus GrienLinks, Charda Kuipers PvdA, Jan Walrecht
---------------	--

Datum	11 desimber 2020
-------	------------------